

Ferdielplan taalnota en evaluaasje 2008

Algemien/ynlieding

Yn dit stik jout de tsjinst advys oer it ferdielplan fan de taalnota foar it jier 2009. Dat advys wurdt ûnderboud mei in evaluaasje fan de taalnota oer it jier 2008. Dêrby wurdt gebrûk makke fan in apart oersjoch dêr't alle 57 doelstellings fan de taalnota op in rychje setten wurde, mei dêrby oanjefte wat de stân fan saken is (helle, yn útfiering of noch net helle). Safolle mooglik sil dêrby ek kwantifisearre wurde wat de krekte situaasje is.

De evaluaasje is ta stân kommen troch petearen mei oanbelangjende amtners dy't belutsen binne by it ûnderwerp, troch tuskentiidske evaluaasjes fan beskate projekten (lykas de PraatmarFrysk kampanje, evaluaasje fan it Taaltaske, ûndersiken nei taalbelied gemeenten) en de nultjitting nei it projekt Frysk yn 'e soarch. Fierders wurdt besjoen hokker projekten honorearre binne mei subysydje fan de regeling taalnota.

Yn dizze evaluaasje sil deselde struktuer folge wurde as de taalnota sels, om in goede ferliking meitsje te kinnen. De evaluaasje sels sil kompakt hâlden wurde kinne; it giet ommers om in tuskenbalâns.

Dit stik bestiet út de folgjende ûnderdielen:

1. Advys ynset finansjele middelen foar 2009
2. Skematysk oersjoch útfiering doelstellings taalnota
3. Konklúzjes evaluaasje
4. Wat wolle wy yn 2009 dwaan?
5. Wat ha wy yn 2008 dien?
Evaluaasje doelstellings oerheden, stêd en plattelân, soarch & wolwêzen, ICT en bedriuwslibben, kultuer en toerisme.
6. Oersjoch honorearre projekten út de regeling taalnota

1. Advys ynset finansjele middelen foar 2009

Foar 2009 kinne de folgjende posten ynset wurde foar de útfiering fan de taalnota.

Posten	Begrutting 2009	Ferplichtings 2009	Beskikber foar 2009
Taalnota Frysk	498.900	29.369 25.000 ¹	444.531 6.500 ²
Friese Taal Rijk	76.693	15.084	61.609
Frysk en ICT ³	77.000	7.000	70.000
Lidmaatskip NPLD	30.000	-	30.000
Frysk yn Grûnwet	9.900	-	9.900
Regeling Befoarderjen Frysk Taalgebrûk	70.000	± 10.000	60.000
Mei-inoar (yn €)	762.493	76.453	686.040

¹ DS hat op 10 febrewaris besletten om 25.000 euro fan de regeling taalnota te bestee-gjen oan it jubileum fan It Fryske Boek en de útfiering fan Nomade troch Nynke Laverman yn Nederlân.

² De provinsje hat in bedrach fan 13.000 euro as foarskot betelle foar de oersetting fan it Europeesk Ferdrach yn de Fryske taal. Fan it ministearje fan BZK kriget de provinsje noch in bedrach fan 6.500 euro werom by it yntsjinjen fan de definitive oersetting.

³ Yn it jier 2008 is in bedrach fan 70.000 euro noch net bestege út de post Frysk en ICT. Dizze post is yn 2009 yntegrearre yn de Taalnota Frysk. It restant fan 2008 wurdt nei 2009 oerhevele.

Foar de útfiering fan de doelstellings fan de taalnota foar it jier 2009 is 686.040 euro beskikber.

Besteging finânsjes yn 2008

It begrutte bedrach fan 685.000 euro foar de Taalnota foar 2008 is fierhinne bestege. Allinnich foar ICT is folle minder útjûn as begrutte: 63.000 euro is bestege en 7.000 euro is noch ferplichte foar it projekt Fryske taaldatabank, wylst € 140.000 beskikber wie foar ICT.

It bedrach fan 685.000 euro bestie út de folgjende bedraggen:

Posten	Bedraggen 2008
Taalnota Frysk	235.000
Frysk en ICT	140.000 (70.000 euro is bestege en ferplichte)
Koördinaasje stjoergroep Frysk (restant taalnota 2003 – 2007)	158.000
Restant regeling befoarderjen Frysk taalgebrûk	47.000
Friese Taal Rijk	75.000
Lidmaatskip NPLD	30.000
Mei-inoar	685.000

Foar de realisasje fan de doelstellings fan de taalnota oer it jier 2008 is omende-by 615.000 euro bestege.

Advys ynset middels

De tsjinst advisearret om it bedrach fan 686.040 euro neffens ûndersteand oersjoch yn te setten. Om dúdlik ynsjoch te jaan yn de koerswizigingen, is yn it skema ek de ynset fan 2008 yn it skema pleatst.

Posten	Rûzing 2008	Ynset 2009
Kampanje Praat mar Frysk	150.000	170.000
Regeling taalnota	163.000	171.040
Frysk yn de soarch	144.000 (105.000 foar útfiering en 39.000 foar evaluaasje)	70.000
Frysk yn gemeenten	15.000	10.000
Frysk en ICT	140.000	70.000
Jilden foar adhocsaken		30.000
Oersetting EU-ferdrach	13.000	-
Proseskosten	30.000	60.000
Lidmaatskip NPLD	30.000	30.000
Taalûndersyk	-	50.000
Kampanje/foarsjenning ûnderwiis		25.000
Mei-inoar	685.000	686.040

De tsjinst advisearret om de finânsjes yn 2009 benammen yn te setten op de ûnderdielen bedriuwslibben en ûnderwiis.

Ut de evaluaasje dy't folgje sil, sil nammentlik bliken dwaan dat der lytse stappen makke binne mei it sichtber meitsjen fan de Fryske taal by ûndernimmings, mar it mei hast gjin namme ha as wy sjogge nei de ambysjes yn de taalnota.

In oar wichtich punt is ûnderwiis. Yn de nota Boppeslach binne de jilden earmerke foar it ferbetterjen fan de ûnderwiiskundige kwaliteit en it taalbelied by skoallen yn Fryslân, mar net foar projekten dy't de sichtberheid en draachflak foar it Frysk yn it bysûnder ferbetterje.

Yn 2009 is it essinsjeel dat it draachflak fan direksjes, âlders en bern fan de skoallen yn it basis- en fuortset ûnderwiis foar it Frysk oer tanimt. As it ferlet en draachflak net spesifyk nei foaren komt yn 'e mienskip, dan komt de posysje fan de provinsje om mear foech foar it Frysk oer te krijen ek faaier te stean. Ek sille wy it fjild dúdlik meitsje moatte wat it krekt ynhâlde sil en hoe't de situaasje derút komt te sjen as de provinsje mear foech oer it Frysk kriget. It fjild moat derefter stean en fertrouwen krije yn de provinsje. En der leit potinsje. Dat blykt wol út de hifking nei it fak Frysk yn it fuortset ûnderwiis, dêr't 52 prosint fan de learlingen oanjûn ha it Frysk graach better yn 'e macht ha te wollen. De provinsje moat de skoallen wat te bieden ha.

De tsjinst advisearret om de regeling taalnota tagonklik te meitsjen foar skoallen yn it basis- en fuortset ûnderwiis yn Fryslân. Underwiisynstellings binne no fan de regeling ôfsluten. Fierders wol de tsjinst derop ta dat der in kampanje komt of in foarsjenning op maatwurk realisearre wurdt dy't derfoar soarget dat it Frysk by skoallen yn in posityf deiljocht komt te stean. De praat mar Frysk kampanje moat fierdersoan ek de klam jaan op bedriuwslibben en ûnderwiis.

Taljochting:

- **Kampanje Praat mar Frysk:** Op 3 desimber is it plan fan de kampanje Praat mar Frysk oan de deputearre presintearre. De kampanje hat yn 2008 in soad út 'e wei set om it draachflak ûnder de befolking foar it Frysk posityf te krijen. Oan de Afûk is frege benammen omtinken te besteegjen oan bedriuwslibben, ûnderwiis en gemeenten yn 2009. De eask is dat de kampanje spesifiker ynsteld wurdt op de útfiering fan de doelstellings, mei oare wurden it kreëarjen fan permaninte sichtberens.
- **Regeling Taalnota:** Yn 2008 binne de finânsjes folslein bestege. Mei-inoar binne 15 projekten honorearre. In oersjoch fan dy projekten is yn de taheakke opnommen. De regeling hat in soad nije partijen lutsen dy't foarhinne net folle mei it Frysk te krijen hân ha. De tsjinst advisearret dan ek om de finansjele ynset mei 20.000 euro te ferheegjen.
- **Frysk yn de soarch:** Yn 2008 hat de provinsje yntinsyf ynset op de útfiering fan de doelstellings fan Frysk yn de soarch. Ut de tuskenhifking troch BBE die bliken, dat der noch in soad te winnen falt. Kânsen lizze der by de klïinterieden. Fierders hat de Afûk oanjûn dat se noch jild oerholden ha oer it jier 2008. De Afûk hat noch jilden oer fan it jier 2008, dat de tsjinst stelt út om in leger bedrach yn te setten foar Frysk yn de soarch.
- **Frysk yn gemeenten:** Utfiering fan de doelstellings freget benammen ynset op de formaasje fan de provinsje. Mei presintaasjes, foarljochting, brosjueres en it oanbieden fan brosjueres oer plaknammen, WMO-regeling, taalbelied wurdt útfiering jûn oan de doelstellings. De tsjinst advisearret 10.000 euro te reservearjen foar it organisearjen fan in seminar en it trochûntwikkeljen fan de webside www.gemeentenenfrysk.nl en eventueel it oersetten fan standertbrieven dy't gemeenten faak brûke.

- **Frysk en ICT:** De oarsaak dat de helte fan de finânsjes yn 2008 net bestege is, hat te krijen mei it feit dat der in soad foarwurk troch de tsjinst en treden dien is. Underskate partijen binne hifke en de konseptplannen lizze klear. It giet om mânske projekten giet en finânsjes moasten benammen by treden swile wurde. Dat binne mei oarsaken foar it net optimaal besteegjen fan de post 'Frysk en ICT'. Der binne in soad projekten kommendewei dy't yn de evaluaasje neier taljochte wurde. De tsjinst advisearret ek om dit bedrach spesifyk nei 2009 troch te skowen. Yn alle gefallen sil der in Fryske wii komme mei it reedriden, fierljeppen en keatsen yn it Frysk (te dekken kosten: 25.000 euro) en binne ekstra middels nedich foar it realisearjen fan in Fryske Taalhulp 3.0 mei grammatikachecker.
- **Jilden foar adhocsaken:** It jier 2009 wurdt in wichtich jier. It sil needsaaklik wêze om dreks ynspylje te kinnen op wichtige barren, bygelyks kommunikaasjetrajekt advys-Hoekstra of it ynkeapjen fan juridyske stipe by sekretariaatskip. De tsjinst advisearret om in bepaald bedrach frij te hâlden.
- **Proseskosten:** Fan febrewaris/maart ôf sil de helte fan in seniorfunksje fan taalbelied ynset wurde foar ekstra stipe oan it sekretariaatswurk fan de stjoergroep-Hoekstra en foar aktiviteiten post-Hoekstra. Dêrneist is troch kreamferlof krapte yn de formaasje foar de útfiering fan taalbelied oant en mei maaie. De tsjinst advisearret om in bedrach fan 60.000 euro foar in jier yn te setten foar in formaasjeplak by taalbelied (skaal 10). It is wichtich dat de tsjinst fluch, dynamysk en kwaliteit leverje kin.
- **NPLD:** It bedrach fan 30.000 euro stiet eksplisyt op de begrutting foar 2009. Dat bedrach is nedich foar de útfiering fan de doelstellings op it mêd fan gearwurking yn Europa.
- **Taalûndersyk:** Yn 2008 hat it kolleezje derfoar keazen om it taalûndersyk letter út te fieren. Lykwols is yn de taalnota opnommen dat der foar 2010 in wittenskiplik ûndersyk realisearre is nei it plak fan it Frysk yn it iepenbiere libben. De tsjinst is op 'e hichte dat de deputearre net de grutste prioriteit oan dit ûndersyk stelt, mar advisearret wol om yn alle gefallen in bedrach fan 50.000 euro foar út te lûken. Oan de deputearre sil noch apart in útstel foar in wurdearringsûndersyk foarlein wurde.
- **Kampanje/foarsjenning ûnderwiis:** De provinsje moat de skoallen op in ludike wize wat oanbiede kinne om de Fryske taal posityf yn it omtinken by harren te krijen. Dit mei it each om ûnder de skoallen draachflak te kreëarjen foar mear foech Frysk by de provinsje. Dit soe kinne mei: it opsetten fan in foarsjenning om websites fan skoallen yn it Frysk oer te setten, it út 'e wei setten fan in sympatykampanje of middels dy't hâlding en gedrach fan direksjes, leararen en learlingen yn it fuortset ûnderwiis feroarje kinne.

2. Skematysk oersjoch útfiering doelstellings taalnota

Yn it earste jier is in soad út 'e wei setten en der is op 'e measte dielreinen in begjin makke mei de útfiering fan de Taalnota. 6 doelen binne (fierwei) helle en jouwe wy no oan 34 fan de 57 beliedsdoelen útfiering. Mei de lêste 23 sil ynkoarten úteinsetten wurde.

Paragraaf Taalnota	Omskriuwing	Helle	Yn útfiering	Noch net	Wêrmei/wêrom (net)
3.9.1.	Yn 2010 12 yntinsjeferklearings mei gemeenten			x	Earst konsolidaasje (monitoaring)
3.9.2	Yn grûnwet neist NL ek it Frysk opnommen			x	Noch diskusje
3.9.3	EU-ferdrach ek yn it Frysk	x			
3.9.4	Nije gearwurking mei ryk nei 2010 (bestjoersôfspraak)		X		Hinget gear mei Stjoergroep Desintr. Fr. taal
3.9.5-1	Provinsje hat mear foech oer			X	Idem

	ûnderwiis				
3.9.5-2	Yn 2008 Kennisintrum Meartaligens fêstige		X		Europeesk jild + 2 ton fan Ljouwert en prov.
3.9.6	Beskikking oer breed Europeesk netwurk	X			NPLD
3.9.7	Partisipaasje oan ien grutskalich Europeesk projekt		X		Mei interreg projekt dwaande (Edufrysk).
3.9.8	Nije opset Berie f.i. Frysk		X		Reglemint oanpast per 01/10; advysoanfraach nije foarm.
3.9.9	Bildtsk en Stellingwerfsk yntegrearre plak yn proj.			x	Wol mooglikheden kreëarre
3.9.10	Wittenskiplik ûndersyk nei sekundêre taaloerdracht			x	Fan 2009 ôf; reorganisaasje FA yn 2008; oanbestegingspros.
4.3.1	20 gemeenten yn 2010 taaloardering Frysk		X		No 15; Hearrenfean ûnderweis.
4.3.2	Gemeenten dúdlikens oer Frysk yn WMO		X		Al opnommen yn menusysteem; folder wurdt ûntwikkele.
4.3.3	Gemeenten beskikke 2008 oer digitaal menusysteem	X			Fia www.gemeenten-enfrysk.nl
4.3.4	5 dekons. Rykstsjusten mei taaloardering			x	Wurdt oan wurke troch BZK
4.3.5	Oarderings Frysk by Wetterskip en Plysje Fryslân		X		Wetterskip hat konsept, Plysje Fryslân noch net.
5.5.1	50% fan jonge âlden goed ynformearre oer foardielen meartaligens		X		Taaltske wurdt fia gemeenten ferspraat. Def. Evaluaasje folget.
5.5.2	25 thússoarchorg/ ferpleechtehuizen jouwe omtinken oan Frysk.			x	Ut 0-mjitting 2008 docht bliken dat der amper belied is.
5.5.3.	Tal aktiviteitebegelieders mei Frysk materiaal 15%		X		Boeken oer 'Iten en drinken' en Dat wie doe
5.5.4.	Yn 2010 grutte groei sichtberens Frysk yn soarch			x	Earst 0-mjitting 2008
5.5.5.	3 fan 'e 5 sikehuizen hat Frysk op bebuording			x	Noch net ien; pilot Harns mislearre.
6.5.1	50% fan jonge âlden goed ynformearre oer foardielen meartaligens		X		Taaltske wurdt fia gemeenten ferspraat. Def. Evaluaasje folget.
6.5.2	Bernesintra: 75% systematysk yn kontakt Fryske taal		X		
6.5.3	Yn 2010 100 Frysktalige/2-talige berne-opfang of pj.pl		X		Op dit stuit 70 (ein 2008)
6.5.4	Breed draachflak yn 2012 fia omtinken goede foarbylden		X		
6.5.5	Dekkend netwurk taalkoördinatoaren yn 2010		X		No goed 100 fan de 500 skoallen.
6.5.6	Taalkoördinatoaren goed ynform. oer prov. taalbelied		X		
6.5.7	Goede kwantitative ynpassing studio F	X			
6.5.8	2012: materiaal studio F is folweardich ûntw. As learline			X	Earst as studio F in skoftke draait. Ymplementaasje digitale skoallebuorden wol yn gong setten.
6.5.9	Konvenant boppeskoalske direkteuren yn 2007			X	Neiskoalling moat better.
6.5.10	2015: goed wurkjend P&C systeem yntegraal taalbelied		X		Elementen oanwêzich, noch net yntegraal. Benammen meiwurking troch ynspeksje moat better.
6.5.11	75% basisskoallen docht eintoets Frysk yn 2012			X	Eintoets moat der ek noch komme (noch ûntwikkele).
6.5.12	Yn 2012 25 trijetalige basisskoallen		X		Oanpast ta 50 yn 2012; no 22 basisskoallen 3-t
6.5.13	2010: prof. systeem hifking + sertifis. by bernsintra	X			SFBO fiert it út.
6.5.14	2010: behearsking Frysk en didaktyk meartalich yn neis-			X	Dreech: skoallen sels ferantwurdlik foar bud-

	koalling				zjetten. PABO's kinne wol oantrune wurde.
6.5.15	Fuortset ûnderwiis yn 2015 alle skoallen ôfspr. oer Frysk		X		Embryonale fase. Yn petear mei skoallen.
6.5.16	2012: fak Frysk yn alle jierren op fjirdepart fuortset ûnd. en by oare fakken		X		10 skoallen dy't Frysk oanbiede.
6.5.17	2010 f.û.: helte skoallen behelle by Frysk ynstruksjetaal oare fakken			X	Gjin budzjet foar.
6.5.18-1	2007: Taalsintrum Frysk kin skoallen f.û. optimaal ske-wiele	X			1 fte ekstra fia Boppeslach.
6.5.18-2	2010: breed draachflak foar goede posysje Frysk yn f.û.		X		2008: earste hifking, mear draachflak as skoallen tinke.
6.5.19	2010: Goede posysje Frysk binnen kurr. learare-opl b.û.		X		Fraach is, wat is goede posysje? Wol fanselsprekkende posysje.
6.5.20	Fisitaasjekommisje oardiel kwaliteit foech Frysk			X	Wurd't yn 2010.
6.5.21	2007: Konvenant mei pabo's oer kwaliteit foech Frysk			X	Finansjeel wol mooglikheden by provinsje.
6.5.22	2010: akkreditaasjesysteem -> kwal. foech Frysk garand.			X	
7.4.1	Frysktalich Microsoft pakket yn 2010		X		Terminology fêststeld.
7.4.2.	Oare ICT-tapassings (T9 mobile tillefoan, text-to-speech, grammatikakontr)		X		Yn ûntwikkeling; kontakten lein.
7.4.3.	F-elemint by ICT-tapassings fanselssprekkend		X		.frl-ekstinsje mei dwaande; ICT-projekten.
8.4.1	Sichtberens Frysk yn Fryslân: fan 2008 ôf grutte groei		X		
8.4.2	Sichtberens Frysk yn iepenbiere libben yn 2015 op ferlykber nivo as Wales, ...			X	
8.4.3	5 prosint (=1500) MKB bedriuwen Frysk op webside		X		No sawat 100.
8.4.4	Mear gebrûk Frysk by supermerken, restaurants, banken		X		De Pleats Burgum as earste.
8.4.5	2010 Direksjes bedriuwen better foaljochte		X		Underdiel Praat mar frysk kampanje
8.4.6	Aktyf taalbelied by kultuerynstell: fan 10 nei 20 organ.		X		
8.4.7	Fryske taal en kultuer sichtber plak bibleteken			X	Wol petear mei bibleteekservice.
8.4.8	Sichtberens Frysk yn toerisme grutte groei yn 2010			X	
8.4.9	Toer. Organisaasjes jouwe mear omtinken oan Frysk			X	
8.4.10	Mooglikheden ferkend fersterking taal en roots-toer.			X	

3. Konklúzje evaluaasje

- De Praat mar Frysk kampanje slacht hiel goed oan, sawol wat toan en belangstelling oanbelanget. Gemeenten binne oergryslke optein en wolle mar al te graach partisipearje yn de positive Fryske flow. De gemeenten Kollumerlân c.a., Hearrefean en Dongeradiel kinne net wachtsje. De kampanje jout in grutte positive bydrage oan draachflakferbreiding, mar omdat aktiviteiten tydlik fan aard binne wurdt it plak fan it Frysk yn de measte gefallen net permanint sichtber makke.
- De útfieringsregeling mei frij ynsetber subsydzje jild helpt minsken en organisaasjes oer de drompel by it sichtber meitsjen fan de Fryske taal. 15 frij ûnbekende partijen ha foar 142.000 euro subsydzje oanfrege foar kreative taalprojekten, twa kear safolle as yn 2007.

- De tsjinst hat in soad tiid en enerzjy stutsen yn it domein gemeenten, en dat hat wol fertuten dien. It is posityf om te konstatare dat de gemeenten ús faker fine, yn it ferline wie dat faak oarsom it gefal. De provinsje biedt maatwurk mei advys, brosjueres, foarljochting en presintaasjes, mar it leverjen fan maatwurk kostet wol yn ferhâlding in soad tiid en ynspannings.
- Yn 2008 is in soad foarwurk dien om in byld te krijen fan it plak fan it Frysk yn de soarch. De Afûk kin yn 2009 no noch gerjochter aktiviteiten ûntwikkelje dêr't kânsen binnen Frysk yn de soarch lizze.
- It domein ICT is tige yn beweging en konstatare wy in tal kânsen (bygelyks eigen Fryske ekstinsje op it ynternet, digitale fraach- en oanbod-systemen foar gemeenten) dy't net neamd steane yn de taalnota. As der sprake is fan 'leechhingjend fruit' dat net in soad ynspanning ferget mar wat in soad opsmyt foar de Fryske taal, sil dat net lizzen bliuwe moatte. De kommende jierren binne op it mêd fan ICT in soad projekten te ferwachtsjen (Taalhelp 3.0: € 100.000; Q-go € 100.000; Wii € 25.000; Microsoft yn't Frysk € 50.000-60.000). Wy sille ek de mooglikheden besjen by Fryslân Fernijd en oare fûnsen.
- Wol moat konstatare wurde dat op it mêd fan bedriuwslibben, kultuer en toerisme net in soad ynset west hat, mei as gefolch dat de resultaten dêr ek efterbliuwe.

4. Wat wolle wy yn 2009 dwaan?

Der sil mei prioriteit en gerjocht omtinken jûn wurde moatte oan it heljen fan de doelstellingen. Fansels komt der mear op it paad fan de provinsje Fryslân as de doelstellingen fan dizze nota, en der sil ek goed sjoen wurde moatte watfoar 'leechhingjend fruit' rispe wurde kin, mar mei it each op kapasiteit en middels sil der in kar-út makke wurde moatte. By taalbelied moat fierders faak op de aktualiteit ynspile wurde, bygelyks de diskusje oer de Fryske plaknammen, de nije wer yn te dielen gemeente dy't stipe fan ús freget foar in nij taalbelied. Ek hat it begelieden fan projektjintjinnens dy't foarhinne gjin ûnderfining opdien ha mei it yntsjinjen fan subsydzjeoanfragen hat fan de tsjinst relatyf in soad ekstra tiid frege.

De tsjinst advisearret om oan de folgjende aktiviteiten de heechste prioriteit te jaan:

- **Sekretariaatskip kommisje-Hoekstra:** Wy wolle in heal formaasjeplak besteege oan stipe fan it sekretariaatskip fan de kommisje. Ek foar it trajekt post-Hoekstra moat genôch formaasje om hannen wêze om mei it advys fan Hoekstra de minister en it fjild te oertsjûgjen dat tafersjoch en beliedsfiering fan it Frysk yn it ûnderwiis better ôf is as it foech by de provinsje leit. Der moatte ek gjin beheining wêze om ekstern advys oan te freegjen op it mêd fan bestjoerskunde. Wy wolle yn it bysûnder skoallen yndachtich meitsje op de mooglikheden dy't de Fryske taal mei him bringt.

Bedriuwslibben: De provinsje hat in hege ambysje om de sichtberens fan de Fryske taal yn it bedriuwslibben te ferbetterjen. It stellen fan in ekonomyske wearde oan de Fryske taal is fan grut belang. Der is ferlet fan in gearhingjend plan fan oanpak.

Doel is dat ein 2009 sawat alle ûndernimmings yn Fryslân op 'e hichte binne fan de subsydzjemoglikheden. Wolle jo wat mei it Frysk, kom dan by de provinsje, moat it boadskip wêze. It hifkjen fan kommersjele klubs, presintaasjes op de bedriuwkontaktedagen, deputearren dy't by gelegenheden wat fertelle oer it provinsjaal taalbelied en bedriuwen. Ek wolle wy petearen oangean mei bedriuwen dy't yn it iepenbier in soad oanwêzich binne (Arriva, Rabobank) om in projekt op priemmen te setten.

Fierders sille wy in ûndersyk dwaan nei it ferlet fan ôfstudearren fan ROC's en AOC dy't it Frysk passyf as wol aktyf yn 'e macht ha. Derby sille fragen oer it Frysk opnommen wurde yn it jierlikse wurkgelegenheidsmonitor dy't oan alle bedriuwen en oerheden yn Fryslân tastjoerd wurdt. Trochsneerespons is 50%.

- **Gemeenten/oerheden:** De gemeenten wite de provinsje te finen, hifkje de provinsje faker en sille faker presintaasjes oanfreegje oer taalbelied. Dy line wolle wy oanhâlde. Begjin 2009 ferwachtsje wy ek ekstra ynspannings fan ús aksje fan de fersprieding fan de brosjuere oan oerheden dy't Fryslân as wurkgebiet ha, dêr't wy stipe oanbiede om har te skewielen mei it opsetten fan taalbelied. Sa lizze der grutte kânsen op it mêd fan it digitalisearjen fan de tsjinsten fan boargerlike stân. As ien (kluster fan) gemeente(-n) it Frysk yn de tsjinstferliening meinimt, is de kâns dat oaren folgje grutter. Boppedat binne dan de earste inisjele kosten al makke. Foar it oare is it doel te oerlizzen mei wethâlders en boargemasters hoe't it Frysk op gemeentenivo in better plak krije kin. Idee is om gemeenten te attendearjen op de mearwearde fan it gebrûk fan it Frysk yn foarljochtingsaktiviteiten. Wy wolle derop ta om mei gemeenten de klam te lizzen op de mearwearde fan it gebrûk fan it Frysk by kommunikaasjetrajekten. Ek wolle wy gearwurkje mei de nije gemeente Súdwesthoeke om in goed taalbelied op papier te setten.
- **PraatmarFrysk kampanje:** Der is ferlet om mear de klam te lizzen op de útfiering fan de doelstellings fan de Taalnota sels. It earste jier is wurke oan in geweldich sjarme-offinsyf mei in protte positive PR, no wolle wy foarstelle om de kampanje gerjochter yn te setten de Fryske taal permanint sichtber te meitsjen, benammen by bedriuwslibben, gemeenten, soarch en ûnderwiis. By de fierdere hifking sil in goede monitoaring wêze moatte nei de outcome (werklike effekten op it taalgebrûk sels).
- **ICT:** It haadstik fan Ynformaasje- en Kommunikaasjetechnology is tige yn beweging. Der binne in soad aktiviteiten kommandewei. Aktiviteiten dy't diewurklik útseinsette sille, binne: it oanfreegjen fan in Frysk TLD (100.000 euro is reservearre troch PS) en it opsetten fan in Fryske Wii mei de tradisjonele Fryske sporten (ynvestearring fan 25.000 euro fan KTU). Fierders sil by it ûnderdiel ICT beskreaun wurde hokker projekten deroan sitte te kommen.
- **Friezen om Utens:** Wy wolle ek it útstel dwaan om neier ûndersyk te dwaan yn hoefier't wy in ynternasjonaal projekt opsette kinne om – yn gearwurking mei de Afûk mei it projekt 'Dat wie doe sa' – Friezen om utens yn Austraalje, Kanada en de Feriene Staten te berikken. Twa saken wolle wy berikke, nammentlik it fersprieden fan in yntroduksjepakket en Fryslân yn dy lannen fermarkte. Wy moatte fierders ôfwachtsje oft wy mei Match trochgean kinne. It projekt is yn'tsinne en ein septimber krije wy fan de EU útslútsel.
- **Soarch:** Wy wolle útstelle om yn 2009 de helte minder te besteegjen oan Frysk yn de soarch (70.000 euro). De Afûk hat jild oerholden en wy ha no krekte ûndersykgegevens. Wy wolle foar ússels in plan fan oanpak meitsje. Saken dy't dêr yn komme te stean binne ûnder oare it ferfrisseljen fan it Frysk yn projekten foar de Sintra foar Jongerein en Gesin (fasetbelied), de Fryske taal in fêst ûnderdiel fan petearen tusken provinsje en soarchoanbieders en in ûndersyk nei it gebrûk fan Frysktalich logopedysk materiaal.
- **Taalûndersyk:** Wy ha ferlet fan gegevens op de folgjende domeinen: taalstân, taalkunde, taalgedrach fan jonge âlden en âlden yn relaasje ta de skoallen, de nijynkommelingen en it plak fan de Fryske taal yn it iepenbiere libben. Ek wolle wy sjen wat de ûntwikkelings binne tusken it tiidrek 1995 – 2010. De gegevens ha wy nedich foar ús taalbelied en de diskusje oer de útfieringsstruktuer nei 2011.

- **Yntern belied:** De provinsje Fryslân sil noch mear as oant no ta sjen litte moatte dat se in foarbyldrol ferfollet. Yn it foarste plak sil dat dien wurde moatte troch it persintaazje Frysktalige brieven dat falt ûnder de 'yntinsjeferklearring' mei de 8 gemeenten nei op syn minst 50% te bringen. Dêr sil de fokus it kommende jier op lizze wat de wurksumheden oangiet. It is dêrby wichtich dat de CdK it goede foarbyld jout. It liket derop dat de CdK no tenei ek yn it Frysk briefkje sil, yn alle gefallen mei de acht gemeenten wêrmei't de provinsje de yntinsjeferklearring ûnder tekene hat.

5. Wat ha wy dien?

5.1 Inisjativen fan de provinsje sels út eigen organisaasje wei

De provinsje sels hat yn it earste jier fan de nije taalnota yn 't spier west om in goede basis te lizzen foar de kommende jierren. Yntern is der in taaltim yn it libben roppen, wêrby't de ferskate ferantwurdlikheden en taken fêstlein binne.

Yntinsjeferklearring:

De ôfspraken mei de acht gemeenten oangeande de yntinsjeferklearrings wurde konsolidearre.

Der wie yn earste oanlis betizing oer hokker dokuminten al en net ûnder de yntinsjeferklearring foelen en net alle ôfspraken wurde neilibbe. Faak hat dat te krijen mei de oanwêzigens fan standertdokuminten yn it Frysk. Dêrom sil earst stribbe wurde nei it goed útfieren (yplemintearjen) fan 'e besteande ôfspraken mei de acht gemeenten. Dêrnei sil der yn 2009 en 2010 wurke wurde oan mear gemeenten dêr't yn it Frysk mei kommunisearre wurdt (stribjen is 4 ekstra). De monitoaring fan de útfiering rint goed. It persintaazje Frysktalige offisjele korrespondinsje oer en wer leit trochinoar by gemeenten en provinsje op sa'n 30%, krekt wat heger as yn 2007.

Frysk yn 'e Grûnwet:

Der is yn 2008 in begjin makke om it Frysk yn 'e grûnwet te krijen. It útgongspunt is as it Nederlânsk in grûnwetlike ferankering kriget, dan it Frysk ek. It is winst dat der in steatebreed komitee is dat him dêrfoar ynset, mei ien lûd en mei heldere aksjes. Yn 2009 bliuwt strategysk lobbywurk en media-omtinken nedich. Jannewaris 2009 is der in algemien oerlis yn 'e Twadde Keamer oer de grûnwet.

Stjoergroep-Hoekstra:

Der sil in stjoergroep ynsteld wurde dy't him dwaande hâlde sil mei de desintralisaasje fan it foech oer de Fryske taal. Dêr hinget fansels mei gear dat der in nije bestjoersôfspraak mei it Ryk komme sil foar de perioade nei 2010 en it foech oer it Frysk yn it ûnderwiis.

Oersetting EU-ferdrach:

It EU-ferdrach fan Lissabon is yn it Frysk opsteld. Oan dat beliedsfoarnimmen is dêrmei foldien. Fansels moat it ferdrach noch al offisjeel fêststeld wurde (der binne in pear lidsteaten yn 'e EU dy't it ferdrach noch net goedkard hawwe). De oersetting wurdt yn febrewaris oan it ministearje fan BZK ferstjoerd.

Frysk en Europa:

De provinsje hat him tige ynspand om de EU-kommissaris foar meartaligens (dhr. Orban) nei Fryslân ta te krijen. Nei in yntinsyf lobby-trajekt is dat slagge. Foarôf wie de ynset benammen rjochte op Mercator, it Kennisintrum foar Meartaligens yn Ljouwert. Ein 2008 waard bekend dat de Europeeske Kommisje € 450.000 beskikber steld hat foar dit sintrum. Nei't wy fernommen hawwe, hat de wurkbesite fan dhr. Orban dêr wiswier ta bydroegen. Dêrneist hawwe ek de gemeente Ljouwert en de provinsje Fryslân sels finansjeel bydroegen (elk € 200.000) oan dizze kennis-hotspot.

Wat de gearwurking mei Europa oangiet, hat de provinsje mei it lidmaatskip fan it NPLD (Network for the Promotion of Linguistic Diversity) in breed netwurk fan ferskate ynstellings yn 'e EU. It netwurk hat it ôfrûne jier hieltyd mear foarm krigen. Oan dy doelstelling is foldien. Der is ek in begjin makke mei de útfiering fan ien grutskalich en oansprekkend Europeesk projekt op it mêd fan taal, nammentlik troch in Interreg IV-c projekt dat no de namme 'Match' hat; it Edufrysk-projekt beskikber meitsjen yn noch mear talen, hooplik mei finansjele stipe fan Europa. Ein septimber 2009 krije wy útslútsel oft wy tusken de 1.5 en 2 miljoen euro tawiisd krije.

De ferwachting is dat der mear mooglikheden binne om fia Europa mear saken (top-down) klear te krijen, bygelyks stipe fan lidsteaten en de Ried fan Europa te krijen foar it Frysk yn 'e grûnwet of om de status te krijen fan it Frysk as ko-offisjele Europeeske wurktaal. De oanbelangjende lidsteat moat by de Europeeske Kommisje dêr sels in offisjele oanfraach foar dwaan.

Stikken nei PS:

Yntern op it Provinsjehûs wurdt hurd wurke oan it heljen fan de 25% Frysktalige stikken dat fan DS nei PS ta giet. Yn it earste heal jier fan 2008 wie it persintaazje 19%, yn de twadde helte sa'n 13% (trochinoar 16%). Wy binne wol mei acht prosintpunten omheech gien neffens 2007, mar wy moatte der noch hurder oan lûke. Yn it nije kommunikaasjeplan is it útgongspunt 'Frysk, as it heal kin' ferwurke yn it neikommende: 'De provincie Fryslân wil relaties en inwoners verleiden de Friese taal te gebruiken door zelf het Fries actief te hanteren in externe uitingen zoals brochures'.

As ekstra elemint is taheakke dat der ek in (ynterne) 'oantrúnder-priis' ynsteld is foar dy meiwurk(-st)er dy't by de provinsje it bêst/kreatyfst mei it Frysk omgongen is.

Berie foar it Frysk:

De doelen fan it Berie foar it Frysk binne foar in grut part helle. It Berie is omfoarme ta in advysorgaan dat 'advys op maat' jout mei in soad ynbring fan ekspertize út it fjild wei. Yn 2009 sil dat fierder útwurke wurde; no sil besjoen wurde oft it Berie oan de ferwachtings foldocht. Yn 2008 is úteinset mei de behanneling fan twa advysoanfragen op it mêd fan it ferbetterjen fan it plak fan it Frysk yn 'e rjochtspraak en rjochtsferkear en op it snijflak fan ús eigen evaluaasje oer it Frysk yn it fuortset ûnderwiis. Der sil yn 2009 besocht wurde om de ferwachtings oangeande de advysoanfragen noch better ôf te stimmen. It wurk fan it Berie sil yn 'e rin fan 2009 ek neier hifke wurde.

Streektaal:

Der wurdt subsidzje jûn oan de stichting Ons Bildt en de Stellingwarver Schrieversronte. It is de bedoeling om yn 'e kommende jierren de streektaal mear te ferfrisseljen yn it taalbelied. Begjin 2010 sil in evaluaasje fan de nota streektaal (2005) oan Provinsjale Steaten foarlein wurde.

Utfieringsregeling:

De provinsje Fryslân hat ek in útfieringsregeling ynsteld, op basis wêrfan partikulieren/ynstellings/bedriuwen jild oanfreegje kinne om it Frysk mear sichtber te meitsjen. Der kin konstataarre wurde dat de nije regeling wat leven yn 'e brouwerij brocht hat. Projekten komme benammen fan partijen dy't noch net in soad mei it Frysk te krijen hân ha en projekten binne kreativer wurden. Yn paragraaf 6 wurdt in oersjoch jûn fan de honorearre projekten (ek te sjen op www.taaltreffen.nl). It budzjet fan 150.000 euro dat der yn 2008 wie is sawat folslein benut dêr't it foar ornearre wie. De measte yntsjinne projekten slute tige goed oan by de doelstellings fan de taalnota om it Frysk mear sichtber te meitsjen. Lykwols moatte wy konstataarre dat wy mear ferlet ha fan projekten dy't it Frysk foar in grutter publyk sichtber meitsje en dat soarchynstellings en it bedriuwsliben it ljocht noch sjen moatte.

5.2 Lokale oerheden/ stêd en plattelân

Yn 2008 binne trije presintaasjes hâlden foar gemeenterieden (Menameradiel, Opsterlân en Nijefurd) hâlden om har te ynformearjen oer de taalsituaasje, it taalbelied fan de gemeente sels, in ferliking mei oare gemeenten en mooglikheden foar stipe en advys troch de provinsje en Afûk. Dêrneist hat in bestjoerlik oerlis plakfûn mei acht gemeenten dêr't in soad Frysk brûkt wurdt, mar dy't noch gjin oardering Frysk fêststeld is. Fierder is kontakt socht mei it Wetterskip om te praten oer de kommunikaasje troch it Wetterskip. Begjin 2009 sil dêr oer praat wurde.

Resultaten binne ûnder oare dat de gemeente Kollumerlân c.a. yn desimber in taaloardering fêststeld hat. De gemeente Hearrenfean sil dat begjin 2009 dwaan. Oant no ta binne der 15 gemeenten dy't in taaloardering fêststeld ha. De doelstelling is dat it der 20 binne yn 2010. Wetterskip Fryslân hat yn desimber in konsept-oardering Frysk fêststeld. Dêr't dat kin sil de provinsje Fryslân gemeenten skewiele om in oardering fêststelle te kinnen.

Fierder is yn gearwurking mei it Ministearje fan BZK in dûbeldtalige folder útbrocht mei as titel 'Prate jo de taal fan de boarger' (sjoch www.taaltreffen.nl). In folder dy't yn in oplaach fan 1.000 stiks ferspraat wurde sil nei oerheden dy't Fryslân as wurkgebiet ha. Lykas oare jierren is ek dit jier wer de konferinsje 'Gemeenten en Frysk' hâlden om rieds- leden, amtners en bestjoerders te ynformearjen oer aktuele ûntjouwings yn it taalbelied. Dêr is ek it rapport 'Gemeenten en Frysk' presintearre, mei in oersjoch wat gemeenten dogge op it mêd fan it Fryske taalbelied. De gemeente Tytsjerksteradiel kaam der as bêste út. De gemeente Dantumadiel hat foar de twadde kear in priis fan 5.000 euro wûn foar it bêste yntsjinne taalidee om leskisten fan projekten op it snijflak fan natuer en miljeuedukaasje ek yn it Frysk te meitsjen en oan oare gemeenten beskikber te stellen.

Yn 2009 sille wy in folder ûntwikkelje om gemeenten op 'e hichte te stellen fan de mooglikheden om it Frysk in plak te jaan yn de útfiering fan it WMO-belied (bygelyks troch oanbestegings) en ynformaasje jaan oer de ynfiering fan offisjele Fryske plaknammen, omdat dit tema hiel aktueel is.

Mei de fernijde webside www.gemeentenenfrysk.nl beskikke gemeenten oer it saneamde 'digitaal menusysteem'. Dat doel is dêrmei yn 2008 helle.

As antwurd op keamerfragen hat it ministearje fan BZK yn 'e mande mei ús noed te stean om ta 5 dekonsintrearre rykstsjusten te kommen dy't ein 2010 in taaloardering oannommen ha. It doel dat plysje Fryslân in taaloardering Frysk fêststelle sil is noch net berikt.

Fierders sille wy de nije gemeente yn 'e Súdwesthoeke dy't der fan 2011 ôf wêze sil skewiele en stypje om in gearhingjend taalbelied te formulearjen. De ferwachting is dat dit de kommende tiid in soad tiid kostje sil.

5.3 Soarch en wolwêzen

Doel is dat 50% fan de âlden goed ynformearre wurdt oer de foardielen fan meartaligens. Wichtich middel fan de provinsje om dat doel te berikken is it Taaltaske. Yn jannewaris 2007 is úteinsetten mei de fersprieding fan de taskes (7000 op jierbasis oan sawat alle jonge heiten en memmen yn Fryslân fia de 27 gemeenten oan 'e fêstewâl). In hiel grut part fan de âlden wurdt dêrmei berikt. Ut in earste hifking docht ek bliken dat it in belangryk ynstrumint is, om't sa'n alve prosint fan de âlden har sels ynformearje litten hat foar de oanjefte.

Der is krektlyn in nulmjitting útkommen oer 'Frysk yn 'e soarch', wêrby't sikehuzen, thússoarchorganisaasjes en ferpleech- en fersoargingshuzen hifke binne oer it plak fan it Frysk. Wichtichste konklúzjes binne dat der noch net in soad formeel taalbelied is, mar dat der op himsels yn 'e soarch wol in soad Frysk brûkt wurdt en dat pasjinteorganisaasjes posityf foar in belied oer steane om it Frysk te brûken.

Wat de doelen út 'e taalnota oangiet kin steld wurde dat thússoarchorganisaasjes en ferpleechtehuzen noch amper omtinken jouwe oan it Frysk yn it belied. Wol wurdt der geregwei nei de foarkarstaal (24%) frege by de yntake. De kommende jierren sil dit ûnderdiel in soad omtinken en ynset freegje.

It is al sa dat in protte aktiviteitebegelieders Frysktalich behannelmateriaal hawwe. De Afûk hat in libjend kwartet en de searje 'Dat wie doe sa' ûntwikkele en breed-útsetten. It stribjen is om ein 2009 seis boeken foar aktiviteitebegelieders makke te hawwen en dat yn 28 fersoargingstehuzen masterclasses fersoarge binne. De soarchynstânsjes binne te sprekken oer it materiaal.

Fierders is ek de F-TARSP ferskynd; in gaadlik ynstrumint ûntwikkele troch de Fryske Academy om de taalûntwikkeling fan jonge bern te mjitten.

It stribjen is om yn 2010 in grutte groei realisearre te hawwen yn de sichtberens fan it Frysk yn 'e soarch. Op dit stuit (ein 2008) is yn rûchwei twatredde fan alle soarchlokaasjes it Frysk net of amper sichtber. Benammen yn in lyts part fan 'e ferpleech- en fersoargingstehuzen is it Frysk noch wol foar in part sichtber yn nammejouwing fan 'e lokaasje en op opskriften en buordjes. Noch net ien fan 'e fiif sikehuzen yn Fryslân hat Frysk op 'e bebuording te stean. In proef by ien yn fan 'e sikehuzen (MCL Harns) is mislearre troch personele wizigings by it MCL sels.

5.4 Ynformaasje- en kommunikaasjetechology

It wichtichste projekt hat west de yntinsivearringslach fan de Fryske Taaldatabank, in projekt útfierd troch de Fryske Academy. Dy databank is ûntwikkele om dêrnei in oar tal produkten fierder ûntwikkelje te kinnen, lykas in Frysktalige text-to-speechsysteem, in spraakwerkenningssysteem en in automatyske grammatika-hifker. Dy lêste grammatika-hifker kin in basis wêze foar in automatysk oersetsysteem.

De provinsje is dwaande mei de tariedings foar in nije ferzje fan de Taalhelp (3.0). Benammen mei in grammatikahifker moat dêr in stap mei foarút setten wurde. Fierder wurdt tocht de besteande digitale wurdboeken (Taalhelp 2.0) te ferromjen mei spesjalis-tyske termen, lykas fûgelnammen, ICT-termen en wurden út 'e rekreaasjesektor.

De NHL fiert op it mêd fan text-to-speech op dit stuit in ûndersyk út. Op it mêd fan T9 binne der ferkennende aktiviteiten útfierd wat mooglik is om makliker sms-kes yn it Frysk te ferstjoeren. De Internet Academy hat yn opdracht fan ús in ûndersyk dien yn hoefier't diakrityske tekens brûkt wurde kinne yn sms-tsjinsten. Op grûn fan de útkomsten ha de Afûk en de Fryske Academy advisearre gjin diakrityske tekens te brûken by Frysktalige sms-berjochten.

Der is foar it Frysktalich Microsoft pakket in Community Glossary makke (terminology). Microsoft sels hat gjin risselwaasje makke om in Fryske officepakket te realisearjen, net-tsjinsteande de positive útlittings dy't it bedriuw út Seattle dien hat.

In tal oare ICT-projekten dêr't it Frysk in plak krigen hat, hat subsydzje krigen yn 2008: Mozilla Thunderbird (e-mailprogramma mei kalinder-aplikaasje), VOF Suskenko foar in digitaal moetingplak tusken Friezen en net-Friezen (Hallo Fryslân) dêr't staveringskon-trôle en wurdboeken ek werom komme. Dêrneist Audiofrysk (harkboeken) en Friesland Wonderland (kultuerhistoarysk/toeristyske databases).

Yn 'e twadde helte fan 2008 is de provinsje Fryslân úteinsetten mei de tariedings foar it projekt fan in Fryske gTLD (eigen ekstinsje op it ynternet, better bekend as .frl). Provinsjale Steaten hawwe dêr yn earste ynstânsje € 100.000 foar útlutsen. Op dit stuit wurdt der wurke oan in businesscase. Der binne kontakten lein mei relevante organisaasjes yn binnen- en bûtenlân om nei te gean hoe't it oanpakt wurde kin. Mei in eigen TLD besykje wy om it Frysk op it ynternet fuort te sterkjen (Frysk- en twatalige siden). Yn it twadde healjier moat de offisjele oanfraach oan it ICANN yn kalk en semint wêze. It beheare kinne fan in eigen Fryske gTLD soe foar it befoarderjen fan it Frysk op websites fan it Fryske bedriuwslibben in soad fertuten dwaan kinne.

Ideeën binne der genôch. Polderland sil begjin 2009 in oanfraach dwaan foar de seisling: in digitaal wurdboek mei de talen Frysk, Nederlânsk, Ingelsk, Dútsk, Frânsk en Spaansk, dat in gaadlik ynstrumint is foar de trijetalige basisskoallen. Mei Q-go binne ferkennende petearen fierd; dy beskikke oer de know-how om in meartalich digitaal fraach-en antwurdsysteem op te setten. Der wurdt tocht oan in mienskiplik projekt fan de provinsje en gemeenten. Dêrnjonken binne wy yn 'e mande mei ERT en Soarch en Wolwêzen fier om in Wii-programma mei seis tradisjonele Fryske sporten op te setten dy't ek yn it Frysk komme.

5.5 Bedriuwslibben, kultuer, toerisme

Wy kinne konstatare dat it bedriuwslibben noch net in soad omtinken hân hat. De kampanje PraatmarFrysk en it projekt Fryslân Ferbynt heakje op dit stuit yn op de foardielen fan it gebrûk fan de Fryske taal.

Wat de sichtberens fan it Frysk oangiet is as doelstelling formulearre dat fan 2008 ôf in grutte groei realisearre wurde sil. It leit yn it earstoan net oan de gemeenten. Fan 1 jannewaris ôf binne der seis gemeenten dy't har plaknammen ferfryske ha. Ljouwerteradiel hat dat krektlyn besletten. Dantumadiel hat besletten om njonken de plaknammen ek de strjit-, doarps- en gemeentenammen allinne yn it Frysk op te nimmen. By de gemeenten Frjentsjerteradiel, Menameradiel en Wymbritseradiel is dizze diskusje noch net útiten.

In pear projekten út it bedriuwslibben binne honorearre út de regeling taalnota. Sa'n 80 bedriuwen binne fan doel twatalige ynternet-siden te hawwen. Om de doelstelling te heljen dat 5% fan de webstees fan it Fryske bedriuwslibben ek yn it Frysk helje, ha wy noch 1420 bedriuwen te gean. Restaurant 'De Pleats' yn Burgum hat in folslein twatalige útstrieling krigen mei webside, menukaart en bebuoring. Grando Keukens hat út eigen inisjatyf twa kear in Frysktalige brosjure omparte. Foar in tal toeristyske projekten is jild beskikber steld om it Frysk sichtber te meitsjen: Friesland Wonderland, Fries Uitburo en de Slachtemaraton.

Yn 2008 binne petearen fierd wurde mei Fryslân Marketing en oare organisaasjes om it Frysk in better plak te jaan yn dit domein. Troch in ferbining mei de Praat mar Frysk kampanje wolle wy dat yn 2009 fierder oanfiterje. De side BeleefFriesland sil yn alle gefallen in Fryskere útstrieling krije.

De ferwachting is dat de doelstellingen op it mêd fan toerisme de kommende jierren benammen útfierd wurde moatte yn it ramt fan EduFrysk (interreg 4c-projekt, by takenning fan Europeeske subysydze fansels).

Ut de evaluaasje fan de PraatmarFrysk-kampanje kin konstataarre wurde dat de kampanje goed oanslucht yn Fryslân. De PraatmarFrysk hyves hat al hast 5.000 leden, mear as 100.000 minsken ha de filmkes fan de kampanje besjoen en de promoasje-artikelen, lykas de opblaaslippen en de buttons, binne fersein. Yn 4 gemeenten binne ûnderskate grutte kampanjes holden mei bekende Friezen út de gemeente sels. De aksje om pakket-sjes PraatmarFrysk materiaal yn it sintrum fan Ljouwert oan de winkelmanlju te bieden stiet lykwols it measte by. Tsjientallen winkels jouwe oan dat it Frysk yn har saak wolkom is. Mei mear as tritich ûnderskate bedriuwen en eveneminten is de kampanje ferskynd, lykas de Bedriuwkontaktdagen, The Music Factory yn Berltsum en de Fryske Music Nighth.

Wat it Frysk by kultuerynstellings oangiet is yn de Kultuernota de neikommende passazje opnommen: 'Fan erfgoedynstellings ferwachtsje wy dat hja fernijende inisjativen ûntwikkelje om it kultureel erfgoed en ek de Fryske taal (meartaligens) in fitale rol yn 'e maatskippij te jaan'. Dat is folle minder krekt omskreaun as yn de taalnota, dêr't yn stiet dat it tal kultuerynstellings mei in aktyf Frysk taalbelied fan 10 nei 20 giet. It is al sa dat mei Bibleteekservice Fryslân ôfspraken makke binne oer it plak fan it Frysk (apart budzjet yn produktôfspraken) en oer it persintaazje Frysktalige boeken dat yn bibleteken oanwêzich wêze sil.

6. Oersjoch honorearre projekten

Namme organisaasje	Bedrach	Projekt
WebBuro Internet Services	€14.250	Oersetting websites fan ûndernimmers It bedriuw WebBuro Noord Nederland BV hat in subsydzje takend krigen foar it oersetten fan 76 websites fan har klanten yn it Frysk.
Friesland Wonderland	€14.500	Oan FrieslandWonderland is in subsydzje takend foar it ûntwikkeljen fan in Frysktalige database foar kultuertoeristyske en histoaryske ynformaasje oer de bysûnderheden fan Fryslân. Mear ynformaasje: www.frieslandwonderland.nl
Warber Fryslân	€ 11.096,25	Stifting Warber Fryslân ûntwikkelet in cd mei Frysktalige Sinteklazeferskes, dy't oan alle Fryske basis-skoallen oanbean wurde sil.
Hallo Fryslân (Suskenko)	€ 24.565	V.O.F. Suskenko sil de webstee www.hallofryslan.nl ûntwikkelje, in digitaal moetingssplak foar Friezen en net Friezen, dêr't it brûken fan de Fryske taal in wichtich plak ynnimt.
Audio Frysk	€10.000	Fryske harkboeken DAT tekstbureau Oan DAT tekstbureau is in subsydzje takend om 20 Fryske boeken om te setten ta harkboeken, dy't dêrnei online oanbean wurde sille fia www.luisterrijk.nl
Slachtemaraton	€2000	Frysktalige buordsjes by Slachtemarathon De organisaasje fan de Slachtemarathon hat in bedrach takend krigen foar it meitsjen fan Frysktalige kilometerbuordsjes op de rûte fan de Slachtemarathon. By elke kilometergrins fan de 42-kilometerrûte is in synonym fan 'rinnen' brûkt.
Boomerang kaarten/Astma fonds	€4.642,50	It Astma Fonds hat in bedrach takend krigen. Mei in orizjinele en ludike aksje sil it Astma Fonds de Fryske taal brûke om it smoken yn Fryslân te ûntmoedigjen.
MCL Harns	€14.864,-	'Thús Frysk, by ús Frysk' fan MCL Harlingen Der is subsydzje jûn oan it MCL Harlingen, foar de útfiering fan it projekt 'Thús Frysk, by ús Frysk'. It doel fan dit projekt is om, mei help fan paadwizers, stickers, folders, buordsjes en kursussen, Frysktalige pasjinten út te noegjen om it Frysk ek yn it sikehûs te brûken.
De Pleats	€ 1.770,50.	Fryske menukaart en webstek restaurant De Pleats Oan restaurant De Pleats yn Burgum is in subsydzje takend foar de ûntwikkeling fan Frysktalige menukaarten, folders en in folslein Frysktalich webstek.
Mozilla Thunderbird & Calendar	€19.940,-	Om de programma's Mozilla Thunderbird en Calendar yn it Frysk oer te setten en fan in staveringshifker te foarsjen, is € 19.940,- subsydzje ferliend. Mear ynformaasje: http://www.mozilla.nl.org/projecten/frysk
Lânboumuseum	€2.670	It Frysk Lânboumuseum yn Earnewâld hat in subsydzje krigen foar de Frysktalige fariant fan in ynteraktive opstelling yn de fêste tentoanstelling oer iten.

Gemeente Dantumadeel	€20.000	Frysktalige plaknammen Dantumadeel De gemeente Dantumadeel fiert per 1 jannewaris 2009 Frysktalige plaknammen, strjitnammen en in Frysktalige gemeentenamme yn.
FriesUit Buro	€1500	It Fries Uitburo wol har service oan Friezen fergrutsje troch it ûnderdiel <i>It bêste fan Fryslân</i> - dêr't spesifyk Fryske produksjes, tentoanstellings en eveneminten yn oankondige wurde - yn sawol it Nederlânsk as Frysk oan te bieden.
Mei-inoar ôfrûne	€142.000	